earste fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 239: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al 't minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy't de hear syn folk
ûnthiet as balsem op 'e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink,
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei Jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw' en ta behâldenis
yn Jezus Kristus, heite soan,
o treaster, dy't út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east,
him lof jaan, ear' en hearlikheid

antifoan dat se witte, dat se mar minsken binne

psalm psalm 9: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

mei hert en siel bring ik jo, hear,
om al jo wûnders tank en ear',
bliid wol ik Jo mei snaar en tonge,
o allerheechste, psalmen sjonge

myn fijân mei syn machtsfertoan,
hy is it fan 'e skrik bestoarn,

jo ha myn saak rjochtfeardich rjochte
en op jo troan myn pleit besljochte

‘t fijannich folk ha jo ferdien,
har stêden bin foargoed fergien,
har ryk is út, har macht ferjage,
har oantins út ‘e skiednis fage

foar ivich hâldt de hear syn troan
en seit de wrâld it oardiel oan,
oer wa’t syn hillge wetten brekke
sil hy syn godlik fonnis sprekke

sa is de hear in sterk kastiel
foar de benear’ en bange siel
en dy ‘t it hâlde op syn namme
dy wurde ivich net beskamme

sjong foar de hear op Sion, kom,
sis alle folk syn dieden om,
as minsken minsken lije litte,
hoe soe de heare dat ferjitte

antifoan dat se witte, dat se mar minsken binne

I ik wol de heare loovje mei myn hiele hert,
II al jo wûnderdieden ferhelje,
I ik wol bliid om jo jubelje,
II jo namme besjonge, o heechste,
I doe’t myn fijannen tebekskrillen,
II stroffelen se en kamen om, fanwegen jo,
I want jo hawwe foar myn rjocht yn ‘e pleit west,
II jo binne sels as rjochtfeardige rjochter op ‘e troan sitten gien,
I jo hawwe de folken ôfstraft, de ferkearden ferdylge,
II har namme útfage foar ivich en altyd,
I de fijân is oan ‘e ein, foargoed in púnfal,
II de stêden hawwe jo ferwoeste, der wurdt net iens mear oan tocht,
I mar de heare sit foar ivich op ‘e troan,
II hy hat syn troansit klear set om te rjochtsjen,
I hy rjochtet de ierde rjochtfeardich,
II hy jout de folken earlik har rjocht,
I sa is de heare in stins foar de ferdrukte wurden,
II in stins yn benaude tiden,
I op jo betrouwe, dy’t jo namme kenne,
II want jo, leare, ferlitte net, dy’t jo sykje,
I sjong foar de heare, dy’t op ‘e Sion troanet,
II fertel ûnder de folken syn dieden,
I want hy wreekt it bloed fan ûnskuldigen en tinkt oan har,
II hy ferjit it kriten fan ‘e ellindigen net,
I wês my genedich, heare, sjoch nei de ellinde dy’t myn haters my oandogge,
II jo, dy’t my feilich út ‘e poarten fan ‘e dea weihelje,
I dat ik al jo lof beneame mei,
II om jo help jubelje yn ‘e poarten fan dochter Sion,
I fallen binne de folken yn it grêf dat se foar oaren dold hienen,
II yn it net dat se útset hienen, is har eigen foet bestrûpt,
I de heare hat fan him witte litten, hy hat rjochtdei hâlden,
II yn it wurk fan syn eigen hannen is de ferkearde fertiisd rekke,
I de ferkearde minsken komme yn it deaderyk te lâne,
II alle folken dy’t God ferjitte,
I want net foargoed sille de earmen fergetten wurde,
II net foar altyd sil de hoop fan ‘e ellindigen fergean,
I oerein, heare, lit de minske net triomfearje,
II lit de folken troch jo te plak set wurde,
I meitsje har sa bang, heare,
II dat se witte, dat se mar minsken binne

antifoan dat se witte, dat se mar minsken binne

psalm psalm 9: 7, 8, 9 en 10, *lieteboek foar de tsjerken*

gened', o God, sjoch hoe't ik lij,
foar dea en driging sparje my,
dan sil ik Sion bliid fernije,
hoe't jo my helpe en befrije

want wa't him tsjin de heare set
wurdt fongen yn syn eigen net,
rekket betiisd yn eigen bannen
en sjocht, God hat it rjocht yn hannen

al wa't syn wei giet bûten God,
de dea wurdt skielk syn ivich lot,
God lit syn bern hjir net ferkwine,
de rop om rjocht sil net ferdwine

riis, hear, oerein yn majesteit,
gean mei de folken yn 'e pleit
en lit har macht en waan net winne,
mar lear har, dat se minsken binne

antifoan dat se witte, dat se mar minsken binne

lêzing Jehannes 8: 12-20
Doe spriek Jezus harren wer ta mei de wurden, 'ik bin it ljocht fan 'e wrâld, dy't achter my oan komt, sil wis net yn it tsjuster omrinne, mar hy sil it ljocht fan it libben hawwe'. De Fariseeërs seinen tsjin him, 'jo getuge fan josels, jo getugenis jildt net. Jezus antwurde harren, 'sels as ik fan mysels getúch, dan jildt myn getugenis dochs wol, want ik wit, wêr't ik wei kommen bin en wêr't ik hinne gean, mar jimme witte net, wêr't ik wei kom of wêr't ik hinne gean. Jimme oardielje neffens de skyn, ik oardielje net ien en as ik al oardielje, is myn oardiel betrouber, want ik stean net allinne, mar hy dy't my stjoerd hat, is mei my. Der stiet dochs ek yn jimme wet beskreaun, dat it getugenis fan twa minsken jildich is. Ik bin it dy't fan mysels getúch, mar myn heit, dy't my stjoerd hat, getúcht ek fan my'. Doe seinen se tsjin him, 'wêr is dy heit fan jo? Jezus antwurde', jimme kenne my net en myn heit likemin, as jimme my koenen, soenen jimme myn heit ek kenne'. Dy wurden spriek er by de skatkeamer, doe't er yn 'e timpel ûnderrjocht joech en net ien griep him, want it wie syn tiid noch net.

meditaasje Sân fruchten, sân jeften, groeie oan 'e geast, sa wol de tredysje hawwe. Ien fan dy sân is de jefte fan tongen, dat is oare talen, ûnfersteanbere klanken soms. Om yn dy frjemde talen te praten is in jefte, mar ek om se te ferstean en út te lizzen. De tongetaal is in frucht dy't by ús ûnder de mjitte bleaun is. Mar wat is it krekt? Wat is eins taal? Taal is ús finster op 'e werklikheid. De werklikheid is oan alle kanten om ús hinne. Mar sûnder taal, sûnder wurden, kinne wy der net by, kinne wy der gjin oarder yn oanbringe. Wy hawwe wurden nedich om wat te begripen fan wat wy sjogge en hearre en fiele. Wat mear wurden oft jo kenne, wat mear tekening oft jo ek yn 'e werklikheid sjogge. Wat better oft jo deroer kommunisearje kinne. Wat binne dan dy frjemde talen, dy tongen fan 'e geast? It is de meast direkte werjefte fan 'e werklikheid fan Gods genede. It binne de wurden dy't it bêste passe by de leafde fan God. Sa goed, dat it gjin minskewurden mear binne. Se binne net te fetsjen. Logysk, want Gods leafde is net te fetsjen, yn gjin inkelde minsketaal. Sels as Jezus it besiket om út te lizzen wa't hy is, is der gjin minske dy't him begrypt.
Dochs moatte wy it fan dy leafde hawwe. Dêrom is it in frucht fan 'e geast, as wy in kear dy ûnbegryplike wurden fine dy't passe by wat hy mei ús docht. Lykas de dichter fan psalm 9. Pas oan 'e ein sjocht er it, hy is in minske en God is God. Hy is earm en God moat him sjonge litte. Dy wurden fine is in frucht fan 'e geast. Wat ferstean, dêr't oaren inkeld wartaal hearre. It geduld opbringe om te harkjen nei it stille gelûd dat op ús ôf komt troch ús eigen lûdroftige skiednis hinne. Midden yn 'e wrâld siket Gods wurd om tonge en taal, altyd. Lokkich binne jo, as jo dy fine.

stilte

mesyk

liet lofsang, gesang 252: 1, 2, 3 en 4, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe hjit de frucht fol deugden
dy't waakset oan 'e geast,
de leafde is 't, de freugde,
de frede aldermeast,

geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou
en minlik te oanfurdzjen
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis;
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
‘t is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa’t net himsels fersaket
mar tajout oan ferlied,
en dy’t oan wat him haget
syn will’ en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby’t de frucht bedoar

mar dy’t it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan ‘t libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme
by sinne en maaierein
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargoanger leave heare
wy wolle jûn bidde
foar elk dy’t ropt om jo ryk
en net ferstien wurdt
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar alle minsken yn need
dy’t sûnder de help fan jo geast
net oan it wurd komme
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... ...
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo
dat wij de fruchten groeien fiele
dy’t jo yn ús skeppe,
dat wij de werklikheid ûntdekke
dy’t jo geast ús hearre lit,
yn in taal, dy’t ús iepenbrekt foar jo ryk,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn ‘e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn ‘e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,

sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 395: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

ferbergj' o hear, jo net foar my,
as ik jo hieltyd wer ûntrin,
God, dêr't ik soms sa bang foar bin
en dan wer nei ferlangje kin,
o gean myn hert dochs net foarby

gean mei jo feint net yn 'e pleit,
want sûnder leafde is myn hert,
ik neam jo namm' en ken jo net,
ik bûch my wol, mar myn gebed
is leagen en skynhillichheid

o sis it wurd dat my wat docht,
sa faak as ik myn wurden sei,
kroep ik achter dy wurden wei,
no wachtsj' ik, kom jo sels my nei,
jo wurd is inkeld klear en rjocht

rop my dan as jo doarmjend skiep,
dat jo net siket en net ken,
yn 't fier' en frjemde lân ferlern,
hear, lit my as jo eigen bern
jo stim fernimme yn 'e sliep

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

twadde fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 239: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al 't minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy't de hear syn folk
ûnthiet as balsem op 'e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw' en ta behâldenis
yn Jezus Kristus, heite soan,
o treaster, dy't út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east
him lof jaan, ear' en hearlikheid

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

psalm psalm 27: 1, *lieteboek foar de tsjerken*

God is myn ljocht en heil op wa't ik bouwe,
by wa't ik skûlje kin yn feilichheid,
hoe soe 'k dan fan fijannich folk besauwe,
dat lyk in leger om my hinne leit,
al wolle hja manmachtich oer my gear,
ik bin net bang, myn taflecht is de hear,
hja stuitsj' en falle foar Gods hege wil,
hy is 't dy't my behâld' en rêde sil
antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

I de heare is myn ljocht en myn heil,

II fan wa soe ik bang wêze,
I de heare is de stins fan myn libben,
II fan wa soe ik ferfeard wêze,
I doe't kweaminsken my tenei kamen
II om myn fleis te ferslinen,
I wienen it myn tsjinstanners en fijannen sels,
II dy't stroffelen en foelen,
I al soe ek in leger my belegerje,
II myn hert soe net bang wêze,
I al kaam in slachrige tsjin my op,
II dan noch soe ik my wis fiele

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

psalm psalm 27: 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

ien ding beweecht my nei in sterk ferlangen,
ien ding haw ik begeard en ynlik socht,
dat ik, him loovjend yn myn timpelsangen,
myn libben lang by God ferkeare mocht,
syn hillich hûs oermachtget my alhiel,
hjir toevet mei ferwûndering myn siel,
om yn oanbidding en yn lof ferlern
de leaflikheid fan God de hear te sjen

syn hûs wol as in skûle my beskutte,
myn tint' en tahâld op 'e kweade dei,
hy berget my yn 't binnenst fan syn hutte,
sa komt gjin wrede fijân my benei,
as op in rots ferhege, sterk en steech,
sil ik yn 't hillichdom, de holl' omheech,
mei sang en klang by 't geurich offerfjoer
myn rêder romj' en loovje oer en oer

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

I ien ding haw ik de heare om frege
II en it bliuwt myn ynlik ferlangst,
I dat ik al myn libbensdagen
II ferkeare mei yn it hûs fan de heare,
I om de myldens fan de heare te sjen
II en myn moarnsgebed yn syn timpel te dwaan,
I want hy hâldt my beskûl yn syn hutte
II op 'e kweade dei,
I hy ferberget my achter yn syn tinte
II en boppe op 'e rots jout er my in plak,
I no stek ik de holle omheech,
II boppe de fijannen dy't om my hinne binne
I en yn syn tinte sil ik offerje,
II offers bringe mei gejubel,
I+II sjonge en spylje sil ik foar de heare

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

psalm psalm 27: 4 en 5, *lieteboek foar de tsjerken*

wol harkje, hear, en my jo wjerwurd sizze,
wês my genedich no't ik rop en bid,
jo woenen d' ynspraak yn myn herte lizze,
'sykje myn antlit', neat wol ik as dit,
kear jo net fan my ôf, jou dat jo feint
op ierd' in ôfglâns fan jo wêzen heint,
lit my net lizz' as jo ferskoveling,
mar wurd my iepenbier yn alle ding

o hear, jo wienen yn ferfleine jierren
myn helper en ferhearder fan ‘t gebed,
ik smeekje jo, stean no ek net fan fierren,
God fan myn heil, bejou, ferlit my net,
al bin ik ek ferlitten lyk in bern
fan heit en mem, jo gloarje sil ik sjen,
jo hearre my wannear ik ta jo rop
en nimme my as ien fan jowes op

antifoan en ding haw ik ide heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

I harkje, heare, hoe lûd ik rop,
II wês sa goedgeunstich en jou my antwurd,
I myn hert hâldt jo jo útspraak foar,
II sykje myn geunst,
I jo geunst, dy wol ik sykje, heare,
II kear jo geunst net by my wei,
I sko jo tsjinner net yn grime fansiden,
II myn help hawwe jo west,
I ferstjit my net en ferlit my net,
II o God dy’t my heil bringt,
I want al hawwe heit en mem my ferlitten,
II de heare nimt my op

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

psalm psalm 27: 6 en 7, *lieteboek foar de tsjerken*

wol my jo wei, de wiere, kennen leare
en lit my gean oer paden, sljocht en goed,
om wille fan ‘t kweafolk dat my beneare,
dat op my rint en op myn misstap loert,
falske ferkleiers geane út oer my,
har tong’ is fol fan smaad en ligerij,
jou my net oer, o hear, oan har fertoan,
hja wriuwe my it bitterst ûnrjocht oan

hie ik net leaud, soe ik net fêst fertrouwe,
dat ik Gods goedens om my hinne seach,
koe ‘k yn dit libben op syn heil net bouwe,
ik wie fergien yn al myn pyn’ en pleach,
jou gjin belies, haw goede moed, myn hert,
hoopj’ op ‘e hear, hy komt, ferjit dy net,
wês sterk en stel op syn oerwinningsdei
dyn hoop’ en wit, de hear is kommenswei

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

I lear my, heare, jo wei
II en lied my op it sljochte paad,
I+II om myn benearders te plak te setten,
I leverje my net út oan it begear fan myn tsjinstanners,
II want falske oankleiers steane tsjin my op
I+II en drige mei geweld,
I o, as ik net fertroud hie, dat ik it goede fan de heare sjen soe
II yn it lân fan ‘e libbenen,
I hoopje op ‘e heare, wês sterk
II en lit dyn hert sterk wêze,
I+II ja, hoopje op ‘e heare

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid
I+II amen

antifoan ien ding haw ik de heare om frege, om de myldens fan de heare te sjen

lêzing Jehannes 8: 46 - 59

‘Wa fan jimme kin bewize, dat ik mis bin en as ik de wierheid sprek, wêrom leauwe jimme my dan net? Dy’t Gods bern is, harket nei Gods wurden, dêrom harkje jimme net, omdat jimme gjin bern fan God binne’. De Joaden antwurden, ‘hawwe wy net mei rjocht en reden sein, dat jo in Samaritaan binne en dat jo in kweageast yn jo hawwe’? Jezus antwurde, ‘ik haw gjin kweageast yn m y mar ik earje myn heit en jimme ûntnimme my myn eare. Ik bin net op myn eigen eare út, der is in oaren, dy’t dêr op út is en dy’t oardielet. Wiswier, wiswier, ik sis jimme, as in minske him oan myn wurd hâldt, sil er yn der ivichheid net stjerre’. De Joaden seinen tsjin him, ‘no binne wy der wis fan, dat jo in kweageast yn jo hawwe. Abraham is stoarn en de profeten ek en no sizze jo, ‘as in minske him oan myn wurd hâldt, sil er yn der ivichheid net stjerre. Steane jo faaks heger as ús heit Abraham, dat in stjerlik man wie en de profeten binne ek stoarn, wêr jouwe jo josels foar út’? Jezus antwurde, ‘as ik mysels ferhearlikje, hat myn hearlikheid neat te betsjutten, it is myn heit dy’t my ferhearliket, dêr’t jimme fan sizze, ‘hy is ús God, mar jimme kenne him net. Ik ken him al, as ik sei, dat ik him net koe, wie ik krekt sa’n liger as jimme, mar ik ken him al en ik hâld my oan syn wurd. Abraham, jimme heit, hat mei gejubel útsjoen nei myn dei en hy hat dy dei sjoen en der o sa bliid om west’. Doe seinen de Joaden tsjin him, ‘jo binne noch gjin fyftich jier âld en jo soenen Abraham sjoen hawwe’? Jezus sei tsjin harren, ‘wiswier, wiswier, ik sis jimme, ik bin, foardat Abraham der kaam. Doe krigen se stiennen op om him dêr mei te smiten, mar Jezus waard wei tusken it folk en ferliet de timpel.

meditaasje Wysheid en kennis binne kostberder as goud. Dat kloppet noch altyd. Ek tsjintwurdich giet der in protte jild om yn ûndersyk, rapporten, sifers. Want kennis is macht. Der wurdt dan ek om kennis fochten. Dat ûnderfûn Jezus sels al, wa mei sizze dat er kennis hat fan God, hy of syn tsjinstanners? Jezus seit, ‘jo kinne wol sizze fan hy is ús God, mar dat hâldt net yn dat jo God kenne’. ‘Kenne’ is yn ‘e bibel ‘bekend wêze mei’, ‘kunde hawwe oan’. Jo hawwe kunde oan God, wannear’t jo by him yn en út geane, wannear’t jo mei him prate as mei jins heit. Dy’t Gods bern is, harket nei Gods wurden, dat is kennis en wysheid is itselde. Net ‘witte hoe’t de wrâld wurket’, mar, ‘wiis wêze mei jins God’. Fertroulikheid, leafde, omgong en dat is yndie kostberder as goud.

Yn ‘e psalmen fine jo de kennis en de wysheid, dêr’t Jezus oer praat. Fertoudheid mei God, witte dat hy mei jins libben oan ‘e gong is en mei jins fragen it paad nei him witte te finen. Dat wol net sizze, dat se direkt beantwurde wurde. Mar al dat jo dermei op it goede adres binne.

Yn psalm 27 sjogge wy, hoe’t in minske yn dy kennis groeit. Der sit hieltyd beweging yn, fertrouwen, mar ek langst om noch faker en noch tichter by God te wêzen. De fraach om help, mar ek de wil om mear fan Gods wegen te begripen. Sa is de Geast oan ‘e gong mei minsken en sa groeie kennis en wysheid. Wat mear kennis, wat mear oft jo fan God yn jins eigen libben weromfine. Lokkich de gemeente, dêr’t ien of twa dy kennis hawwe.

stilte

mesyk

lofsang gesang 252: 1, 2, 3 en 4, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe hjit de frucht fol deugden
dy’t waakset oan ‘e geast,
de leafde is ‘t, de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou
en minlik te oanfurdzjen,
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis,
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
‘t is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa’t net himsels fersaket,
mar tajout oan ferlied
en dy’t oan wat him haget

syn will' en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby't de frucht bedoar

mar dy't it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan 't libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme
by sinne en maaierein,
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't dat iene wol,
kennisse fan jo
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar alle minsken,
dy't sykje om de wei,
dy't roppe yn har need,
dy't taaste nei betrouwen
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... ...
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de fruchten groeien fiele,
dy't jo yn ús skeppe,
dat wij de bân ûntdekke,
dy't jo geast knopet nei ús siel,
de wei nei jo leafde,
dy't paad siket yn ús bestean,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 455: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

mocht ik him mar winne,
as ik leafdefol,
yn in langst nei him allinne,
noait syn trou ferjitte wol,
kin ik alles tille

en myn hert is deemoed, leafd' en wille

mocht ik him mar winne,
alles wat ik ha,
soe my net mear hâlde kinne
en in himel foel my ta,
hoe't ek oaren kieze,
dy't har libben oan 'e wrâld ferlieze

mocht ik him mar winne,
yn myn heitelân
sille molk' en huning rinne
as in jefte fan syn hân,
wa't my hjir ferlitte,
komme dêr as bruorren my temjitte

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

tredde fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 239: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al 't minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy't de hear syn folk
ûnthiet as balsem op 'e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw' en ta behâldenis
yn Jezus Kristus, heite soan,
o Treaster, dy't út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east
him lof jaan, ear' en hearlikheid

antifoan mei syn geunst en trou hat er it hûs fan Israel betocht

psalm psalm 98: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

lit no de nije lofsang hearre,
in liet sat noait in liet begûn,
't is foar de hear, dy't triomfearre,
syn rjochterhân hat rêding jûn,
syn hillge earm die wûnderdieden,
dy't alle folk op ierde sjocht,
hjir is it klear te ûnderskieden,
hy kaam en holp ús oan ús rjocht
hy tocht wer oan syn wolbehagen,
syn trou, oan Israel foarsein,
folbrocht hy as yn earder dagen,

syn geunst en goedens ha gjin ein,
no seagen sels de fierste lannen
en d' einen fan de wide wrâld,
de heare draacht ús op 'e hannen,
hy is de God dy't ús behâldt

antifoan mei syn geunst en trou hat er it hûs fan Israel betocht

I sjong de heare in nij liet,
II want hy hat wûnders dien,
I syn rjochterhân hat him heil brocht,
II syn hillige earm oerwinning,
I de heare hat syn heil bekend makke,
II oan 'e folken sjen litten hoe't er helpt,
I mei syn geunst en trou
II hat er it hûs fan Israel betocht,
I alle ierdryks einen koenen
II it heil fan ús God sjen,
I jûchje de heare ta, do hiele ierde,
II jûchje, jubelje en sjong psalmen,
I sjong de heare psalmen by de liere,
II by de liere mei lûd gesang,
I by it lûd fan trompet en rammehoarn,
II jûchje foar de heare, de kening,
I lit de see brûzje mei wat deryn is,
II de ierde mei wat derop wennet,
I lit de rivieren yn 'e hannen klappe,
II de bergen meiinoar jubelje
I foar de heare, want hy komt
II om de ierde te fonnisjen,
I hy sil it ierdryk rjochtfeardich fonnisje
II en de folken alhiel neffens rjocht

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid
I+II amen

antifoan mei syn geunst en trou hat er it hûs fan Israel betocht

psalm psalm 98: 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

bring, ierde, oan dy hillge heare
mei snaar en tonge huld' en tank,
trompetten, jou de kening eare,
bazunen, kom mei gouden klank,
sjong by de harpen en de lieren,
gean op mei sang en ynstrumint
om dizze grutte dei te fieren
foar God, dy't keninklik oerwint

lit alle seeën, alle lannen
him loovje mei in blide stim,
rivieren klappe yn 'e hannen
en bergen sjonge 't út foar him,
hy komt en sil de folken rjochtsje,
hy, dy't it wreed geweld betwingt,
foar ivich sil hy 't pleit besljochtsje,
as hy syn ryk fan frede bringt

antifoan mei syn geunst en trou hat er it hûs fan Israel betocht
lêzing Jehannes 10: 31 - 42
Wer krigen de Joaden stiennen op om him te stiennigjen. Jezus joech harren te hâlden, 'ik haw jimme safolle goeds sjen litten dat myn heit bewurke hat, wat haw ik dan dien, dat jimme my stiennigje wolle'? De Joaden antwurden him, 'net om wat goeds wolle wy jo stiennigje, mar om godslastering, omdat jo, dy't in minske binne, josels foar God útjouwe'. Jezus antwurde harren, 'it stiet dochs sa yn jimme wet

beskreaun, ik haw sein, jimme binne goaden? De Skrift neamt dy lju dus goaden, dêr't Gods wurd foar ornearre is, de skrift, dêr't neat fan ôfdien wurde kin, sizze jimme dan fan him, dy't troch syn heit hillige en yn 'e wrâld stjoerd is, jo sprekke godslastering, omdat er sein hat, ik bin de soan fan God? As it it wurd fan myn heit net is dat Ik doch, leau dan dochs yn dat wurk, dat jimme witte en ferstean meie, dat myn heit yn my is en ik yn myn heit'. Doe besochten se wer om him op te pakken, mar hy ûntkaam harren en hy gong wer oer de Jordaan, nei it plak dêr't Johannes yn 't earstoan de minsken doopt hie en dêr bleau er. Frijwat minsken kamen by him en seinen, 'Johannes hat wol gjin inkeld teken dien, mar wat Johannes fan dy man sei, wie allegearre wier'. Op dat plak begûnen in hopen minsken yn him te leauwen.

meditaasje

Dat leauwe in frucht is fan 'e geast docht jin net safolle nij. Dêr begjint it mei, soe men sizze. It leauwe, it betrouwen op God op libben en dea, dat is it fûnemint, de basis. Of net? Fansels, mar doare wy dat leauwe dan ek de groei te gunnen? Of wurdt it fûnemint ta in stien om oaren mei te smiten, as it nije dingen sjocht, nije wurden heart?
Jezus seit it planút, 'goaden sille jim wêze'. Dat freget leauwe en mear as dat wy wend binne. Dan moat leauwe groeie, om soks te hearren sûnder bang te wurden. Betrouwe dat wy grutter wêze sille as dat wy no binne, mear kinne sille. Wêr is dan de ein? De ein is de mienskip mei God, dy't alle ferstân te boppe giet. Wa doart dàt samar te leauwen, dêrop alles te setten?
Wy meie it elkoar tasjonge yn psalm 98. Dat it ien grut feest is, om jins leauwe groeie te litten. Dat de hiele wrâld bliid wêze sil, as God syn folk rêdt. Dat Gods oardiel in saak is fan freugde en hantsjeklappen. Wa sjocht sa nei de wrâld, dat elke misstân en elk fertriet boarne is fan hope, omdat wy ús der net ôf bringe litte, dat God rjocht meitsje sil wat krom is? Sok leauwe is der net fan 'e iene dei op 'e oare. It waait ús oan mei de geast en it moat groeie yn ús hert.

stilte

mesyk

liet

lofsang, gesang 252: 1, 2, 3 en 4, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe hjit de frucht fol deugden
dy't waakset oan 'e geast,
de leafde is 't, de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou
en minlik te oanfurdzjen
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis,
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
't is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa't net himsels fersaket
mar tajout oan ferlied,
en dy't oan wat him haget
syn will' en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby't de frucht bedoar

mar dy't it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan 't libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme
by sinne en maaierein
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't stiennen smyt
mar leauwe siket
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar alle minsken,
dy't jo wurden wol hearre
mar net leauwe kinne oan rjocht
salang't de wrâld har ferdrukt
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... ...
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de fruchten groeien fiele,
dy't jo yn ús skeppe,
dat wij it doare te weagjen
as der neat te sjen is fan paad,
as allinnich
dy iene minske dy't rjocht dien hat,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 313: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

sinne fan gerjochtichheid,
jou ús ljocht en klearrichheid,
dat de wrâld it witte mei,
Kristus bliuwt syn tsjerke nei,
erbarmje jo

rop it deade kristendom
út syn selsfoldiene slom
wer ta nije hearrichheid
oan jo lof en hearlikheid,
erbamje jo

nim, hear, ús ferdieldens wei,
dat der iendracht komme mei,
goede hoeder, bring ienkear
jo fersille keppel gear,
erbarmje jo

lit de poarten iepengean
en de folken ‘t heil ferstean,
dat gjin mûklist, leed of macht
‘t ljocht fertsjusteret yn nacht,
erbarmje jo

jou jo tsjinners, rûnom stjoerd,
leauw’ en leafde, krêft en moed,
skik har rike risping ta
dêr’t s’ yn triennen siedde ha,
erbarmje jo

lit jo hearlikheid en rom
blike foar de wrâld rûnom,
wêz’ jo krêft, mei bidden socht,
yn ús swakke wurk folbrocht,
erbarmje jo

bring no lof en hearlikheid
oan de heechste majesteit,
dy’t ús makket ien en mien
sa’t hy sels is, trij’ yn ien,
erbarmje jo

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

fjirde fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 239: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al 't minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy't de hear syn folk
ûnthiet as balsem op 'e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw' en ta behâldenis
yn Jezus Kristus, heite soan,
o treaster, dy't út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east
him lof jaan, ear' en hearlikheid

antifoan hy is as in beam, oan wetterstreamen plante

psalm psalm 1: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

loksillich, dy't godleazen yn har ried
net neirint, noch op 't paad fan sûnders stiet,
dy't nea him deljaan sil noch lang ferbliuwe
by har, dy't spot mei God en godstsjinst driuwe,
mar dy't by nacht en dei Gods hillge wet
oertinkt en docht mei djippe freugd' yn 't hert

want hy sil wêz' allyk in geve beam
yn goede grûn bewoartle by in stream,
dy't fruchten jout wannear't syn tiden 't sizze,

waans blêden nea ferwylg' of ôfwaaid lizze,
hy groeit en tiert by rein en sinneljocht,
it giet him goed, 't bedijt al wat er docht

antifoan hy is as in beam, oan wetterstreamen plante

I hoe gelokkich is de man,
II dy't op 'e rie fan 'e ferkearden net yngiet,
I op 'e wei fan 'e sûnders net stean bliuwt,
II yn 'e gearsit fan 'e spotters gjin sit nimt,
I mar langst hat nei de wet fan de heare
II en dêroer mimert by nacht en by dei,
I hy is as in beam, oan wetterstreamen plante,
II dy't syn frucht jout op 'e tiid,
I dêr't it grien net fan ferwylget,
II alles wat er docht, bedijt,
I sa net de ferkearden, o nee,
II dy binne as tsjêf dat op 'e wyn ferwaait
I dêrom kinne de ferkearden it net hâlde foar it rjocht,
II de sûnders net yn 'e rûnte fan 'e rjochtfeardigen,
I want de heare stiet noed foar de wei fan 'e rjochtfeardigen,
II mar de wei fan 'e ferkearden rint dea

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid
I+II amen

antifoan hy is as in beam, oan wetterstreamen plante

psalm psalm 1: 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

mar sa is 't net mei 't folk dat God ferliet,
't ferstoot as tsjêf dat mei de wyn fergiet,
de sûnders sill' yn 't rjocht net steande bliuwe,
de hear sil op syn dei har 't fonnis skriuwe,
it oardiel komt op de godleazen ta,
wannear't d' oprjochten ried en gearsit ha

gjin minsk' op ierd' kin oan Gods each ûntgean,
hy sjocht ús hert, hy wit ús djipst bestean,
d' oprjochten wol hy oansjen yn genede,
hy ken har wei, hy liedt har ta syn frede,
mar dy't godleas har oerjouw' oan it kwea,
gjin dage wurdt har diel, har wei rint dea

antifoan hy is as in beam, oan wetterstreamen plante

lêzing Jehannes 11: 45 - 57
Doe begûnen ferskate fan 'e Joaden, dy't nei Maria tagongen wienen en sjoen hienen wat er dien hie, yn him te leauwen; mar guon fan harren gongen nei de Fariseeërs en fertelden harren, wat Jezus dien hie. Doe rôpen de hegeprysters en de Fariseeërs de Hege Rie byinoar en seinen, 'hoe moatte wy hjir mei oan? Want dy man docht safolle tekens, as wy him sa gewurde litte, sil it hiele folk yn him leauwe en dan komme de Romeinen om ús de stêd en it lân beide te ûntnaderjen'. Ien fan harren, Kajafas, dy't dat jiers hegepryster wie, sei tsjin harren, 'jimme begripe der neat fan, jimme hawwe net foar 't ferstân, dat it yn jimme eigen belang is, dat ien man foar it folk stjert en net it hiele folk omkomt'. Dat sei er net út himsels, mar omdat er dat jiers hegepryster wie, foarsei er, dat Jezus foar it folk stjerre soe en net allinne foar it folk, mar ek om de bern fan God, dy't rûnom fersille binne, byinoar te bringen. Sûnt dy dei stie har beslút fêst dat se him fan kant meitsje soenen. Sadwaande koe Jezus him net mear frij ûnder de Joaden bewege, mar hy gong dêr wei nei in oarde deun by de woestyn, nei in stêd dy't Efraim hjit en dêr hâlde er ta mei syn learlingen. It rûn wer nei it Joadske peaskefeest en gâns minsken fan bûten de stêd gongen foartiid al op nei Jeruzalem, om harsels foar it feest te suverjen. De lju sochten om Jezus en hienen it der meiinoar oer, wylst se yn 'e timpel wienen, 'wat tinkt jimme? Soed er net op it feest komme'? Want de hegeprysters en de Fariseeërs hienen oarder jûn, dat as ien te witten kaam wêr't er wie, hy dat oanbringe moast, dan koenen se him oppakke.

meditaasje Psalm 1 is rjochtút en op it doel ôf. Twa wegen binne der, de goed en de ferkearde. Is dat sa? Yn ús gewoane werklikheid net. Oars hie it mei dy iene psalm ek ta kinnen. De wrâld is yngewikkelder, in doalhôf bytiden en fyn dan marris it goede paad. De hiele bibel giet dêroer en jo hawwe dêr in libben lang wol wurk mei. Yn it evengeelje is it net oars. Is it sa dúdlik, om Jezus hinne, hoe't de wegen rinne? Noait in kear. Guon wolle Jezus út 'e wei hawwe. Wolle se de keizer tsjinje of God? Lit ien man stjerre foar it folk, seit pryster Kajafas. Hy bedoelt, oars komme de soldaten. Mar no komt de geast en dy hat noch wat oars yn 't sin. Yndie, it is goed dat dy iene stjert. Ta heil fan elk dy't it paad kwyt is. Wierlik it wurd fan in pryster. Mar op dat stuit sjocht gjin minske hoe't Jezus syn wegen geane. Komt er op it feest en as er dêr komt, is dat dan goed of net en wêrta? Om wûnders te dwaan, om de Romeinen te ferjeien of om te stjerren?

Efternei sjocht Jehannes it, kin er minskegeast en hillige geast ûnderskiede. Efternei, want ek de frucht fan ûnderskied moat groeie en net by elk groeit dy frucht like goed. It is in kwestje fan sjen en harkjen. De herten fan 'e minsken skôgje, wat beweecht har echt? Wêrom dogge se wat se dogge, sizze se wat se sizze? Dy't ûnderskiede sil, moat soms troch in protte lagen hinne om by de wierheid te kommen en dan dy wierheid priuwe yn 'e stilte fan 'e geast. Dêr is stilte en swijen ta nedich. Dy't te gau praat, lit de geast net oan it wurd. Allinnich God kin jin fertelle, oft de bewegings fan in minskehert passe yn syn plan, of just net.

stilte

mesyk

liet lofsang, gesang 252: 1, 2, 3 en 4, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe hjit de frucht fol deugden
dy't waakset oan 'e geast,
de leafde is 't, de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou,
en minlik te oanfurdzjen
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis,
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
't is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa't net himsels fersaket
mar tajout oan ferlied
en dy't oan wat him haget
syn will' en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby't de frucht bedoar

mar dy't it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan 't libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme
by sinne en maaierein
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't it ûnderskied siket

tusken goed en kwea
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar alle minsken
dêr't elk wat oer te sizzen hat
mar net ien nei harket
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... ...
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de fruchten groeien fiele
dy't jo yn ús skeppe,
dat wij de tiid nimme om te sjen
as jo geast ús de dingen oanwiist
om te ûnderskieden
de wei fan it libben fan dy fan 'e dea,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 394: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

it ljocht driuwt stadich út 'e lannen
en oer ús libben driuwt de rêst,
wy lizze lokkich yn jo hannen,
de dei is gien, de soarch hat west

wy dien' ús wurk en faken 't kweade,
wy wienen wiis en faken dom,
o God, dy't ús fan frede learde,
gean mar barmhertich mei ús om

jo eigen soan, dy't lange nachten
allinn' op stille plakken wie,
hat foar ús pleit' en foar ús wachte
en foar ús freeg' om rêst en rie

hy wol dat w' út in sêfte slomme
mei kriich it libben en de dea
ûntsûndig' yn 'e mjitte komme,
hy joech de wyn en briek it brea

lykas in bern, by heit bestille,
sa hat er ús te sliepen lein,
wy sille net mear tiiz' en tille,

fertriet en triennen nimm' in ein

doch sels, as w' yn it tsjuster lizze,
ús hannen gear, ús eagen ticht,
want neat ferswij' en alles sizze,
dat jout in libben ljocht en licht

en ienkear stean w' yn hillge wille
te sjongen yn 'e grutte moarn
en rinne w' oer in gouden tille
rjocht op 'e pearelpoarten oan

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

fyde fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 239, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al 't minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy't de hear syn folk
ûnthiet as balsem op 'e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw' en ta behâldenis,
yn Jezus Kristus, heite soan,
o treaster, dy't út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east
him lof jaan, ear' en hearlikheid

psalm psalm 53: 1 en 2

antifoan witte al dy kweaminsken dan fan neat?

de dwaas seit yn himsels, ‘der is gjin God’,
elk giet syn gong, wa lit him stjoer' of hjitte,
hoe giet de wrâld syn ûndergong temjitte,
har sûnde dijt en fret oan Gods gebod
yn grim' en spot

de heare freget, ‘Is der dan gjinien
sa wiis om hiel syn libben yn te setten,
dat hy my fynt,’ hja witte fan gjin wetten,
wa soe it goed' op ierde dwaan,
ik mien, dat docht net ien

antifoan itte al dy kweaminsken dan fan neat?

I	dwazen tinke by harsels, ‘der bestiet gjin God,’
II	ferdoarn en ôfgryslik binne har dieden,
I+II	gjinien dy't goed docht,
I	God sjocht út 'e himel del op 'e minsken,
II	oft der ien is dy't syn ferstân brûkt,
I+II	ien dy't God siket,
I	allegear binne se ôfwykt, meiinoar ûntaarde,
II	gjinien dy't goed docht, hielendal net ien,
I	witte al dy kweaminsken dan fan neat,
II	dy't myn folk fersline, as ieten se brea,
I+II	mar God neame se net,
I	aanst lykwols sille se alhiel ferbjustere stean,
II	sa't se noch noait ferbjustere west hawwe,
I	want God slacht dyn fijannen de lea stikken,
II	do silst har beskamme meitsje, want God hat har fersmiten,
I	och, kaam der fan 'e Sion mar rêding foar Israel,
II	as God de grutte omkear bringt foar syn folk,
I+II	dan sil Jakob jubelje en Israel wille meitsje
I	eare oan de heit en de soan en de hillige geast
II	lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid
I+II	amen

antifoan witte al dy kweaminsken dan fan neat?

psalm psalm 53: 3, 4 en 5

is op 'e wrâld gjin grevel ynsjoch mear
by minsken dy't yn kwea behagen fine,
by harren dy't myn folk as brea fersline,
hja bidde net, hja bringe God de hear
gjin eare mear

ynienen falt de skrik har op 'e lea,
de heare fiert de kriich, want hy allinne
rint as in huver oer de herten hinne,
hy slacht har en beskammet ta de dea
de macht fan 't kwea

och, naam nei alle leed ús lot in kear
en rôp út Sion wei jo stim fan boppen,
‘jim binne frij en ta de frijheid roppen,’
dan stiet jo folk mei harp en siter klear,
foar jo, ús hear

antifoan witte al dy kweaminsken dan fan neat?

lêzing Lukas 3: 7-18
De minsken dy't yn kloften oansetten kamen om troch him doopt te wurden, spriek er sa ta, ‘jimme njirrebrod, wa hat jimme de wink jûn om de kommende grime te ûntrinnen? Kom mar ris mei fruchten dy't by in bekearing hearre en tink net by jimsels, wy hawwe Abraham as heit, want ik sis jimme, God kin út dizze stiennen hjir wol bern foar Abraham komme litte. It is sa fier, dat de bile is al op 'e woartel fan 'e beammen set. Alle beammen dy't gjin goede frucht jouwe, wurde omkappe en yn it fjoer smiten.’ Doe frege it folk him, ‘wat moatte wy dan dwaan?’ Hy antwurde harren, ‘dy't in dûbel stel klean hat, moat parte mei ien dy't gjin hat en dy't te iten hat, fan 't selde.’ Der kamen ek tolgarders om doopt te wurden. Dy seinen tsjin him, ‘master, wat moatte wy dwaan?’ Hy sei tsjin harren, ‘net mear easkje as jimme nimme meie.’ Ek soldaten fregen him, ‘en wat moatte wy dwaan?’ Tsjin harren sei er, ‘gjinien útskodzje en útrûpelje, mar tefreden wêze mei jim soldij.’ Omdat it folk der longerjend nei útseach en elkenien himsels mei spanning ôffrege, oft hy, Johannes, de Kristus net wêze koe, joech er allegearre ta beskie, ‘ik doop jimme mei wetter, mar hy dy't sterker is as ik, is op kommende wei. Ik bin net goed genôch om de riem fan syn sandalen los te meitsjen. Dy sil jim dope mei hillige geast en fjoer. De wanne hat er al yn 'e hân om syn nôt te wanjen. De kerlen wol er yn 'e skuorre byinoar bringe en it tsjêf sil er ferbaarne yn it fjoer dat net út te krijen is.’ Mei noch hiel wat oare fermoannings brocht er it folk it bliid boadskip.

meditaasje In wier wurd sprekke, dat is wat. Jo kinne hast net iens sizze, wat ús it swierste falt, de wierheid of de iepenheid. Wierheid is tajaan wat josels faak net sjen wolle en iepenheid betsjut dat men jin ek bleatstelt oan ‘e réaksjes fan ‘e minsken. Hoe gefaarlik oft dat wêze kin, witte alle prefeten. Want de wierheid hat in skel lûd.

Profetearjen is net om ‘e nocht in frucht fan ‘e geast. Profetearje is sprekke mei wissichheid en gesach. Dy wissichheid kinne wy fan ússels net fine. Us blik op ‘e werklikheid is net sa skerp. Hâld marris útinoar, wat jo sjogge en wat jo sjen wolle. En ús moed is net sa grut. Hâld marris útinoar, oft jo swije út wysheid of út bangens. Wa sil it sizze, de geast.
De grutste fan ‘e prefeten wie Jehannes de Doper. Hy mocht de Kristus oanwize. Mar hy seit de wierheid ek it meast ûngewosken. Hy doart machthawwers njirrebrod te neamen. Mar ek yn ‘e psalmen komme prefeten oan it wurd. Miene jo dat der gjin God is? Dwaas dy’t jo binne, seit de prefeet. Dy’t derby stiet, as soks sein wurdt, fielt de geast yn ‘e nekke. Dêr krije jo wol ûntsach foar. In prefeet wurdt fuort net lestich fallen of oppakt. Dêrfoar hawwe de minsken noch tefolle huver foar it hillige. Pas nei ferrin fan tiid kieze minsken har réaksje. Fuortgean en oanfalle of stean bliuwe en freegje. Prefeet, wat moatte wy dwaan? Lokkich binne jo, as jo dêr antwurd op krije. It is in geskink fan ‘e hillige geast.

stilte

mesyk

lofsang gesang 252, *steande*

hoe hjit de frucht fol deugden,
dy't waakset oan 'e geast,
de leafde is 't, de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou
en minlik te oanfurdzjen
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis,
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
't is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa't net himsels fersaket
mar tajout oan ferlied
en dy't oan wat him haget
syn will' en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby't de frucht bedoar

mar dy't it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan 't libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme,
by sinne en maaierein,
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken yn in sitewaasje,
dy't freget om in oardiel
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar elk dy't de wurden siket,
dy't de doar iepensette
foar it kommen fan jo ryk
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

foargonger ... ...
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de fruchten groeien fiele,
dy't jo yn ús skeppe,
dat wij leare om oan te nimmen,
dat jo wurd oer ús libben ljochtsje moat,
it skaad ferdriuwe,
dat it ûnrjocht bestean lit op ierde,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 326

ús wol Gods wurd allinne
in skat fan wiisheid jaan,
haw moed, want jimme kinne
de reis der wol mei dwaan,
dat wurd wêz' mear en mear,
wêr't ek jim wegen wine,
in lampe ljocht en klear
en elk sil dêryn fine
it antlit fan de hear

God iepent hert en earen,
dat wy, yn leauw' oan him,
hoe't oare stimmen beare,
dochs acht jouw' op syn stim,
Gods wurd bringt krêften mei,
om moedich al ús dagen
te gean de smelle wei
en stil it krús te dragen
de heilân achternei

de geasten hifkj' op wearde,
joech God ús as gebod,
wa't fan syn wurd him kearde
wjerstiet it ryk fan God,
hy bout in hûs op sân,
mar fan 'e stoarmen riden,
hâldt it gjin oere stân,
dan falt net te ûntstriden
de dwaas syn ûnferstân

mar dy't op 't wurd betrouwe,
dat ta Gods mûl' útgiet,
dy kinn' in hûs har bouwe,
dat op 'e rotsgrûn stiet,
Gods wurd, it makket frij
fan tsjinst oan frjemde machten,
dêryn beharkje wy
syn plannen en gedachten,
it ryk is ús neiby

jo sille noait ferlitte,
dy't freegjend nei jo is,
sjoch ús sa't wy hjir sitte,
stil om jo tsjûgenis,
jou, dat ta jo rûnom
it wurd fan wolbehagen
net liddich komt werom,
och lit it fruchten drage,
jo, hear, ta ear' en rom

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

sechsde fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne gesang 239: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al 't minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy't de hear syn folk
ûnthiet as balsem op 'e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, Hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw' en ta behâldenis
yn Jezus Kristus, heite soan,
o treaster, dy't út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east
him lof jaan, ear' en hearlikheid

antifoan it wie suver as dreamden wy

psalm psalm 126: 1, *lieteboek foar de tsjerken*

doe't God de hear om Sion tocht,
yn leed en lot in omkear brocht,
wy wien' as yn in dream ferlern
en laken lûd as blide bern,
de folken sprieken, doe't ús tongen
fan rêding en ferlossing songen,
de hear hat, mei syn folk begien,
oan Sion grutte dingen dien
antifoan it wie suver as dreamden wy

I doe't de heare it tij fan Sion kearde,

II wie it suver as dreamden wy,
I ús mûle die oars net as laitsjen
II en ús tonge wie kleare blydskip,
I doe seinen se by de folken,
II de heare hat grutte dingen oan har dien,
I de heare hat ek grutte dingen oan ús dien,
II dêrom wienen wy sa bliid,
I bring dan in kear yn ús lot, o heare,
II lykas bart mei de beken yn it suderlân,
I dy't mei triennen siedzje,
II sille mei jubel sichtsje,
I skriemend giet er syn paad,
II de man dy't de sieddelsek draacht,
I mar jubeljend komt er thús,
II as er de skeaven oandraacht,

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid
I+II amen

antifoan it wie suver as dreamden wy

psalm psalm 126: 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

jawis, de hear, mei ús begien,
hat grutte dingen oan ús dien
en dêrom binne wy sa bliid,
hear, jou ús dan yn dizze tiid,
dat alle ballingen wer keare
nei Sion ta, dat ta jo eare
de strjitte wer fan libben brûst
en 't wetter troch de steppe strûst

wat hjir mei triennen siedde waard,
sjit op, de siedder giet op paad,
hy slacht op 't wiuwend ikkerlân
de stannen del mei wisse hân,
dan gean de skeaven yn 'e skuorren,
dan hâldt er heechtiid mei de buorren
en op 'e grutte pinksterdei
wurdt alle soarch yn wille wei

antifoan it wie suver as dreamden wy

lêzing Lukas 5: 1 - 11
Jezus stie ris op 'e wâl fan 'e mar fan Gennézaret, wylst it folk op him oankrong om it godlik boadskip te hearren. Hy seach twa boatsjes oan 'e wâl lizzen. De fiskers wienen derút stapt en spielden de netten. Hy stapte yn ien fan dy boatsjes, Simon sines en frege him, oft er in eintsje út 'e wâl farre woe. Sittendewei joech er doe út it boatsje it folk ûnderrjocht. Doe't er dêr klear mei wie, sei er tsjin Simon, 'hâld ris op it djippe oan en bring jimme netten út foar it fangen'. Simon antwurde, 'master, de hiele nacht hawwe wy yn 't spier west en neat fongen, mar as jo it sizze, bring ik de netten út'. Doe't se dat dien hienen, fongen se sa'n soad fisk, dat de netten skuorden suver. Doe wonken se har maten yn 'e oare boat om te kommen en mei oan te pakken. Dy kamen en se laden beide boaten sa fol, dat se sonken omtrint. Doe't Simon Petrus dat seach, foel er foar Jezus op 'e knibbels en sei, 'gean by my wei, Hear, want ik bin in ferkeardenien'. Ja, hy en syn maten wienen alhiel ferbjustere om de haal dy't se mei it fiskjen dien hienen. Sa wie it ek mei Jakobus en Johannes, de soannen fan Sebedéus, dy't mei Simon yn 'e mande dienen. Jezus sei tsjin Simon, 'wês net bang, fan no ôf oan silste minsken fange'. Doe setten se de boaten op 'e wâl, lieten de hiele boel dêr lizze en folgen him.

meditaasje Wûnders barre. As jo mei minsken prate, hearre jo de ferhalen. Ferhalen lykas fan Israel. It tij waard keard, dwers tsjin alle ferwachting yn en it wie suver as dreamden wy. In wûnder is it, in stik ferlossing mei te meitsjen en jo merke dat jo dreame net. Wûnders barre. Mar dêrnei? Nei in wûnder komt altyd wer wat oars. Alles wurdt wer in kear gewoan en wat dan? In wûnder is in momint dat God kiest om oan jin sjen te litten dat hy der is. Dy't dat fêsthâlde kin, wit God ek altyd wer te finen. Nei it wûnder komt it gebed. God, jo dy't wûnders dogge, bring in kear yn ús lot.

Nei it wûnder it gebed. Mar der is ek noch in ferfolch. Nei in wûnder meimeitsje kin ek komme, wûnders dwaan. Wûnders dwaan. Fan âlde tiden ôf ien fan ‘e fruchten fan ‘e geast. Jezus syn learlingen krije dêr wat fan te sjen. De geast is de krêft fan it keninkryk dat komt. Dy’t dy geast fernommen hat, dy’t dêrop betrout, docht ek de dingen fan dat keninkryk. Yn dizze wrâld, wûnders dus.
It is werklik wat om nei út te sjen en net te ferjitten: wy sille wûnders dwaan. Dingen dy’t net kinne yn dizze wrâld. Minsken fange foar in takomst dy’t se út hannen jaan moatte. Siken better meitsje, treaste dy’t gjin útwei sjogge. Iten en ûnderdak jaan, as alles op en fol is. Ljocht jaan yn it tsjuster. Jubeljend thúskomme.

stilte

mesyk

liet lofsang, gesang 252: 1, 2, 3 en 4, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

hoe hjit de frucht fol deugden
dy’t waakset oan ‘e geast,
de leafde is ‘t, de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou,
en minlik te oanfurdzjen
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis,
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
‘t is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa’t net himsels fersaket
mar tajout oan ferlied,
en dy’t oan wat him haget
syn will’ en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby’t de frucht bedoar

mar dy’t it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan ‘t libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme
by sinne en maaierein
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy’t inkeld
noch dreame kinne fan in wûnder,
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar elk,
dy’t libbet tusken krêften en machten
dy’t in minske te mânsk binne
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ... ...

en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de fruchten groeien fiele
dy't jo yn ús skeppe,
dat wij leare te freegjen
dat jo geast it stjoer yn hannen nimt
en wûnders docht,
de bewizen fan jo keningskip op ierde,
dêrom bidde wy meiinoar,
gemeente ús heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn 'e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe,
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 466: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

as God, myn God mar foar my is,
wa doar him tsjin my keare,
dan moatte muoit' en drôfenis
noch ta myn bêst beteare,
dan hâlde ingels rûnom wacht,
omstrielt my midden yn 'e nacht
de gloarje fan de heare

hoe 't lot ek wank' en driigje mei,
ik lit myn hoeder liede
en moetsj' ik tsjinstuit op myn wei,
fan him kin neat my skiede,
hy is en bliuwt my rûnom nei,
nei fredich wetter driuwt er my
en leaflik griene miede

ik haw myn God, mear hoech ik net,
hy wit myn winsk en wille.
syn leafde hat myn djipst ferlet
en al myn langst bestille,
myn heechste goed, myn treast yn smert,
is God, de heit fan 't wiffe hert,
mei him kin 'k alles tille

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

sânde fesper foar de sân wiken fan de neisimmer en de hjerst

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan ‘ e peaskekears

ljochthymne gesang 239: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

kom, skepper geast, ús hert benei,
set jo by ús nei wenjen, hear,
fernijer fan al ‘t minskeskaai,
gean yn genede oer ús gear

jo bin in fjoerkolom, de wolk,
de wetter-ier, fan God ús jûn,
de treaster, dy’t de hear syn folk
ûnthiet as balsem op ‘e wûn

sânfâldich en geheim geskink,
o finger Gods, o leafdefjoer,
yn jo jout hy syn bern de wink
om him te loovjen oer en oer

jou jo ús faai ferstân it ljocht,
lit leafde wenje yn ús hert,
yn swakkens wurdt jo krêft folbrocht,
jo sterke hân ferlit ús net

hâld, hear, de fijân yn betwang
en fier ús fan it tsjuster paad,
jou frede, dat ús hert net bang,
nei jo op wei, ferbjustre waard

bring ús de heit al neieroan
troch leauw’ en ta behâldenis
yn Jezus Kristus, heite soan,
o treaster, dy’t út beide is

oanbid de heit, de soan, de geast,
oanbid Gods hege majesteit,
lit noard en súd en west en east
him lof jaan, ear’ en hearlikheid

antifoan it tal fan ús jierren komt op santich jier of op syn bêst op in tachtich

I+II hear, jo hawwe ús in taflecht west it iene geslacht nei it oare,
I foardat de bergen berne wienen,
II ierde en wrâld ta wêzen kamen,
I+II ja, fan ivichheid oant ivichheid binne jo God,
I jo litte de minske wer ta stof keare
II en jo sizze, ‘wurd wer stof, minskebern’,
I want tûzen jier is foar jo
II as de dei, dy’t juster foarbygong,
I+II as in wachtersskoft yn ‘e nacht,
I jo nimme de minsken wei as flarden sliep yn ‘e moarn,
II as gers dat mar amper opkomt,
I yn ‘e moarntiid komt it op en it waakst,
II de jûns is it wilich en fertoarke

antifoan it tal fan ús jierren komt op santich jier of op syn bêst op in tachtich

psalm psalm 90: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

jo haww', o hear, fan lang ferfleine dagen
in hinnekommen west foar staach nei stagen,
geslachten libje, bloeie en ferdwine,
hja mochten jo ûntferming ûnderfine,
wy bouwe fierder op 'e geve grûn
fan jo beloften en jo trouferbûn

ear't noch de bergen, hear, de dage seagen,
jo skieding makken tusken lân en weagen,
ear't jo de wrâld mei groei en bloei bedieken
en nacht en dei lûd fan jo wurken sprieken,
fan ivichheid, o God, bestiene jo,
yn ivichheid deselde doe en no

jo woenen ús in tiid, in oere stelle,
it minskebern is mei de dea oanhelle,
hy keart werom nei dêr't er kaam fandinne,
wurdt wer ta stof, want tûzen jierren binne
by jo ien dei allyk, in koarte wacht,
in flechtich wekker-wêzen yn 'e nacht

jo spiele minsken wei as wetterstreamen,
ús tiid ferfljocht as tinne moarntiidsdreamen,
wy binne gers moarnsier yn griene miede,
jûns leit it toar en wilich tsjin de ierde,
't is yn jo grime, hear, dat wy fergean,
jo jeie as in stoarm troch ús bestean

antifoan it tal fan ús jierren komt op santich jier of op syn bêst op in tachtich

I want wy fergeane troch jo grime,
II wurde opjage troch jo lilkens,
I ús sûnden sette jo foar jo del,
II wat wy beside hâlden, komt dan yn it ljocht fan jo antlit,
I o, al ús dagen binne weiwurden ûnder jo grime,
II ús jierren binne weiwurden as in sucht,
I it tal fan ús jierren komt op santich jier
II of op syn bêst op in tachtich,
I it treflikste dêrfan is pine en fertriet,
II it giet hurd en wy fleane nei de ein,
I wa ken it geweld fan jo grime
II en wa hat ûntsach genôch foar jo lilkens,
I lear ús sa de dagen te tellen,
II dat wy in wiis hert krije

antifoan it tal fan ús jierren komt op santich jier of op syn bêst op in tachtich

psalm psalm 90: 5, 6, 7 en 8, *lieteboek foar de tsjerken*

ús dieden, dy't it deiljocht net ferdroegen,
jo ha se foar jo hillich oansicht woegen,
al wat ferhoalen omgong yn ús herten
trochskôgje jo, neat wurdt by jo fergetten,
no leit oer ús de roede fan jo tucht
en binn' ús dagen minder as in sucht

nei santich, tachtich jier, hoe'n koarte snuorje,
ferfalt ús krêft en kin 't net lang mear duorje,
't is pine en fertriet, wa soe de mjitte,
de macht en gruttens fan jo grime witte,
och, lear ús sa te libjen, dei oan dei,
dat yn ús hert de wysheid wenje mei
hoe lang noch, hear, ear't jo ús myld ferjouwe,
och, mocht it jo dochs om jo tsjinstfolk rouwe,
dat wy jo, fol fan al jo geunstbewizen,
by 't kommen fan 'e dei mei jubel prizen,
dat jo ús, nei in lot sa boas en bang,

ferbliidzje mei jo heil in libben lang

lit, hear, jo folk jo wûnderwurken fiele
en lit har bern mei yn dy ljochtglâns diele,
wês tear oer ús en lit ús net allinne,
beskermje ús, ûnmachtich as wy binne,
jou, dat ús 't wurk net út 'e hannen dijt,
mar mei jo seine stjoer en fuortgong krijt

antifoan it tal fan ús jierren komt op santich jier of op syn bêst op in tachtich

I kom werom, heare, hoelang noch,
II haw begrutsjen mei jo tsjinners,
I jou ús yn 'e moarntyd jo geunst mei folle hân,
II dan kinne wy jubelje en al ús libbensdagen bliid wêze,
I meitsje ús likefolle dagen bliid as jo ús ûnder druk set hawwe,
II al dy jierren dat wy it ûnheil seagen,
I meitsje jo tsjinners jo wurk bekend
II en oan har bern jo hearlikheid,
I mei sa de geunst fan de hear, ús God, oer ús wêze
II en lit jo it wurk fan ús hannen wol bedije,
I+II ja, it wurk fan ús hannen, lit dat bedije

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid
I+II amen

antifoan it tal fan ús jierren komt op santich jier of op syn bêst op in tachtich

lêzing Lukas 7: 11 - 17
Dêrnei wie er ris op wei nei in stêd dy't Nain hiet. Mei Him reizgen syn learlingen en in grutte kloft folk. Doe't se tichte by de stedspoarte kamen, waard dêr krekt in deade opdroegen, de iennichste soan fan in widdo. Gâns minsken út de stêd gongen mei har. Doe't de hear har seach, krige er tige mei har te dwaan en sei, 'skriem mar net'. Doe gong er nei de lykbier ta en rekke dy oan. De dragers bleauwen stean. Hy sei, 'jongfeint, ik sis dy, kom oerein'. De deade gong oerein sitten en begûn te praten. Jezus joech him oan syn mem werom. Djip ûntsach befong elkenien. Se prizen God en seinen, 'in grut profeet is ûnder ús ferskynd', en, 'God hat goedgeunstich delsjoen op syn folk'. Dat nijs oer him gong it hiele Joadske lân troch en in wide krite dêromhinne.

meditaasje Genêzing is it wûnder dêr't wy de measte muoite mei hawwe, de frucht fan 'e geast dêr't wy it minste by kinne. Sa bot, wy doare der suver net om te freegjen. Wol foar in oar. Foar ússels al minder en hielendal net om sels oaren te genêzen. Wy hawwe dêr ek tefolle misstannen mei sjoen. Tefolle minsken dy't der minder fan wurde as har genêzing troch de geast foarholden waard. Tefolle minsken dy't der, op in ferkearde menier, better fan wurden binne. Dochs, it stiet der. Jezus docht it en hy jout syn learlingen opdracht. Mar hoe moatte dy dêrmei oan?
Jezus koe de psalmen ek. Hy wist ek dat in minskelibben in kear ôfrint, dat der in grins oan sit. Dochs makket hy minsken better, hellet er inkeld sels guon út 'e dea werom. Wêrom? It is it ferset, just tsjin de krêften fan 'e netoer, dy't ús libje lit mar ek wer dea docht. It is it ferset tsjin de machten fan pine en ferfal, ôfbraak en geweld. Psalm 90 is wier, mar hy moat net wier bliuwe. It is de grime fan God, mar dy grime moat in ein nimme. Dêrfan tekens te dwaan, is ek ús ropping. Op 'e geast betrouwe dy't libben makket is dêrfan it begjin. Dy geast is oan it wurk en dy siket alle minsken. In berop op dy geast is noait fergees. As wy doare oan dy geast te roppen by sykte en dea, sil it oars gean as dat wy tinke. Oars as dat wy hoopje, faak. Mar ek oars as dat de wetten fan de netoer foarskriuwe. Oars en better.

stilte

mesyk
liet lofsang, gesang 252: 1, 2, 3 en 4, steande, *lieteboek foar de tsjerken*

hHoe hjit de frucht fol deugden
dy't waakset oan 'e geast,
de leafde is 't, de freugde,
de frede aldermeast,
geduld om út te hurdzjen
yn goedens en yn trou,
en minlik te oanfurdzjen
wat God te dragen jout

in leauwen om te skinken,
te skinken tûzenreis,
sa leare wy te tinken
om wûnders nachts en deis,
de ierde, dizze sinne,
de bloedslach syn kadâns,
‘t is fan Gods geunst allinne,
ús hiele libben lâns

wa’t net himsels fersaket,
mar tajout oan ferlied,
en dy’t oan wat him haget
syn will’ en sin begiet,
hy kiest foar it ferdjerren,
syn libben giet teloar,
it is in stadich stjerren,
wêrby’t de frucht bedoar

mar dy’t it heil bestribbe,
it heil yn died en dream,
dy fynt de beam fan ‘t libben,
de messiaanske beam,
hy ripet op Gods amme
by sinne en maaierein
ta frucht oan dizze stamme,
in risping sûnder ein

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy’t de dea
yn har lichem tichterby kommen fiele
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde jo foar elk
dy’t fernimt hoe’t ús bestean fergiet,
bûn en brutsen wurdt troch muoite en pine
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger ....
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wij de fruchten groeien fiele
dy’t jo yn ús skeppe,
dat wij doare fêst te hâlden,
dat in hân dy’t útstutsen wurdt yn geloof
better makket
en ús diele lit yn jo takomst,
dêrom bidde wy meiinoar,

gemeente ús heit yn ‘e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde,
op ierde likegoed as yn ‘e himel,
jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa’t ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan ‘e kweade,
want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid,
oant yn ivichheid, amen

jûnsliet gesang 274: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

o Jezus, wol der wêze,
o heare Jezus, kom,
de earste is de lêste,
foar him is gjin werom

de deaden dy't ferteagen,
ferlern en út it sicht,
sy hawwe tichte eagen
en beide earen ticht

o bern, fan d' ierde fage
yn d' opgong fan de moarn,
noait laket jim in dage,
noait mear in moanne oan

de leafd' is op 'e doele,
it skip mist wyn en tij,
it lichem krijt in kûle,
de dea giet net foarby

in widdoosbern, in deade,
droech men de poarte út,
mar Jezus' wurd ûntkearde
de dea syn wisse bút

jo dy't de hel wjerstiene
en dy't de dea wjerstean,
rêd harren dy't yn d' ierde
sa rêdeleas fergean

as foarst sil jo behearskje
in ryk sa nij en rom,
de lêste wurdt de earste,
foar him is der werom

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen